

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra



© Foto Johan Vogelzang

Wout Zijlstra

Wout Zijlstra wurdt berne op 4 Augustus 1964 yn Wolsum. Hy is it jongste bern fan Watte Zijlstra, soan fan slachter Hantsje Zijlstra en Minke Zijlstra út Wolsum en Idske Posthuma, de dochter fan slachter Douwe Posthuma en Aagje de Boer út Folsgeare (Tsjaerddyk 42). Boppe Wout binne twa broers en twa susters.

Heit Watte Zijlstra wurket de earste jierren fan syn houlik as feekeapman yn Wolsum. Yn 1968 keapet hy in slachterij yn Drylts en om 1975 hinne in pleats oan 'e Tsjaerddyk (nû 27), dêr't letter it súkses foar Wout begjinne sil.

Foardat hy mei syn húshâlding nei Folsgeare komt, wurde earst de kop en de hals fan 'e buorkerij yngeand ferboud troch de lokale timmerman Wiersma. De húshâlding ferhuzet yn 1976 . Zijlstra wurdt wer feekeapman en hat de romte om fee oan te keapjen en te weidzjen.

Wout is wilens tolve jier âld en set útein mei it trainen mei selsmakke gewichten. It risseltaat mei der wêze. Nei in pear jier fan goaien en smiten begjint de súdmuorre fan 'e buorkerij te skuorren en te fersakjen. Dit wjerhâldt him der net fan om al op jonge leeftyd mei súkses mei te dwaan oan wedstriden foar “Sterkste Man”.

Yn 1987 slagget Wout oan 'e slachtersfakskoalle yn Ljouwert en nei de militaite tsjinst giet hy yn 1988 oan it wurk as fleiskarmaster.

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra



Foto Wout Zijlstra: f.l.n.r. heit Watte Zijlstra, broer Douwe Zijlstra, Wout, John Paul Sigmarsson (Iislân, doe sterkste man fan'e wrâld), Tjalling van den Bosch, broer Hans Zijlstra

Wout trout mei Patricia en it pear set har ta wenjen oan'e Folsgeasterleane. Se krije trije bern Wout jr, Katinka en Teade. Yn 2002 ferstjert heit Watte Zijlstra. Mem Idske wennet allinne op'e pleats oant 2006 as se nei it Teatskehûs yn Blauhús giet.

De húshâlding fan Wout ferhuzet no nei de buorkerij oan'e Tsjaerddyk. Lykwols, Lykwols, ear't se dêr delhúzje, wurdt de skuorre mei de fersakke súdmuorre yngeand oanpakt. De stâl en de golle wurde omtsjoend ta in trainingskompleks foar sterke manlju en froulju. In stikje lân njonken de buorkerij is no it plak foar it goai en smytwurk. (Sjoch ek finster Tsjaerddyk 27)



Jannewaris 2017,
foto fan'e buorkerij
foto Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra



Luchtfoto fan 'e buorkerij

foto Wout Zijlstra



foto's Wytske Heida,

It trainingskompleks
yn 'e buorkerij




Wout is ûnskiedber ferbûn mei de titel **”Sterkste Man”**

Hy wint yn novimber 1987 de tredde priis by de “Sterkste Man van Friesland” wedstriden. Hy wurdt dan foar it earst *“Flits fan Folsgeare”* neamd út reden fan syn krêfteksploazjes. In jier letter wurdt Wout twadde by de “Sterkste Man van Friesland”, om yn 1989 earste te wurden. Folsgeare hat dan in echte kampioen yn har fermidden.

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra

'Flits van Folsgeare' sterkste van Friesland



Arend Kuiper uit Sexbierum werd ontroond als Sterkste Man van Friesland. Hij moest Wout Zijlstra uit Folsgeare voor laten gaan.

BAKHUIZEN - De Flits van Folsgeare, Wout Zijlstra, is sinds zaterdagavond de sterkste man van Friesland. Vorig jaar moest hij die eer nog aan Arend Kuiper, de Beer van Sexbierum, gunnen. Nu eindigde deze op de tweede plaats. De Hulk van Harlingen, Gerben Erfmann, bezette net als een jaar geleden de derde plaats.

De wedstrijd Sterkste Man van Friesland werd voor de zevende maal gehouden en vond plaats in dorpshuis De Gearte in BakhuiZEN. Na een serie eerder gehouden voorrondes bleven er negen mannen over, die uiteindelijk hun krachten moesten meten in het hijsen van en sjouwen met zware biervaten, het tillen van boomstammen en zwerfkeien en het gooien met gewichten.

Zijlstra, Kuiper en Erfmann waren al, voordat de wedstrijd begon, aangekondigd als winnaars

omdat zij fysiek ver boven hun concurrenten uitstaken. Het was alleen zaak om uit te maken wie van hen de winnaarsbokaal mee naar huis kon nemen. Dat bleek de 115 kilogram zware slager Wout Zijlstra (25) te zijn. Hij haalde vier eerste plaatsen, een derde en een tweede en dat leverde hem 50,5 punten op. Arend Kuiper (23 jaar en 132 kilogram) volgde als tweede met 46 punten. Hij leverde vooral in op het onderdeel gewicht hooggooien. Erfmann (32 jaar en 125 kilogram) sloot zijn lijst met 39 punten. Hij leed zijn verlies op het eerste onderdeel, het gewicht hijsen. Dat deed hij het slechtste van allemaal.

Als vierde eindigde Lammert Swart uit Balk, vijfde werd Bauke Postma uit Damwoude, zesde Sije van der Veen uit Zwagerbosch, zevende de vijftigjarige Cor Oudendag uit Sneek, achtste Bauke de Jong en negende diens broer Jan de Jong uit Twijzelerheide.

Artikel LC 18-12-1989

De titel "Sterkste Man van Friesland" is foar Wout pas in earste begjin. Hy wint yn 1998 it brûns by de "Sterkste Man van de Wereld" wedstriden en hy bemachtiget yn 2001 de titel "Sterkste Man van Nederland"



foto Wout Zijlstra

Berend Veneberg,
Ron Brandsteder en Wout

Nêst de "Sterkste Man" wedstriden docht Wout ek mei oan 'e Highland Games. Hy wurdt by dy wedstriden wrâldkampioen. Boppedat

is hy jierrenlang de kampioen fan 'e NK Highland Games foar professionals. Hy wint de wrâldkampioensappen Highland Games yn Callander, Schotland en de World Grand-Prix Highland Games yn Ierlân en yn Brazilië. Dêrnjonken hat hy noch ferskate wrâldrekords op syn namme stean.

Sa is Wout fanôf 1998 wrâldrekordhâlder "gewicht heech goaie 25 kilo" (ûnderdiel fan 'e Highland Games wedstriden en ek op guon "Sterkste Man" wedstriden). Syn rekord stiet op 5,70 meter. Dit rekord is yn 'e Feriene Steaten ferbettere, lykwols mei in 'spin' technyk dy't yn Europa net tastien is. Mei de hjir tastiene techniken is hy noch wrâldrekordhâlder oant septimber 2013. By de Strongman Championsleague yn Ruslân goait de

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra

IJslander Hafþór Júlíus Björnsson (2,07 lang en goed 190 kg, bynamme 'Thor') it gewicht rom oer de latte fan 6 meter en ferbrekt dêrmei Zijlstra syn jierrenlang stand rekord.



foto Wout Zijlstra

Wout, Wout jr en Teade

Oersjoch fan 'e bêste prestaasjes.

1e plak World's Strongest Team (1998) tegearre mei Berend Veneberg.

3e plak Sterkste Man fan 'e Wrâld (1998)

4e plak World's Strongest Team (1999) yn Sina tegearre mei Berend Veneberg

3e plak World's Strongest Team (2000) yn Hongarije tegearre mei Berend Veneberg

1e plak Sterkste Man fan Nederlân (2001)

3e plak World's Strongest Team (2001) yn Poalen tegearre mei Jarno Hams

8e plak Sterkste Man fan 'e Wrâld (2001)

2e plak World's Strongest Team (2002) yn 't Hearrenfean (NL) tegearre mei Berend Veneberg

1e plak NK Highland Games (professionals) (2003)

1e plak NK Highland Games (professionals) (2004)

Wout is net allinne dielnimmer oan 'e Highland Games en de Sterkste Manwedstriden, mar hat altyd in grut ambassadeur fan dizze wedstriden west. Hy organisearret dy sels ek by syn eigen buorkerij en komt dan graach opdraven yn quilt foar in wurkwinkel of in demonstraasje.

Ek by oare gelegenheden demonstrearret Wout mei opteinens syn krêften.

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra



foto Omrop Fryslân

Iepening Fryske Stjerrejûn nov. 2011

Jierrenlang komme aanstoarmjende sterke manlju / froulju en oare atleten út it hiele lân nei Folsgeare. Yn syn fitnessskuorre hingje se graach oan 'e izers om it maksimale út harrensels te heljen.

Wout rint al in skoftsje om mei it plan om in punt te setten efter in geweldich libben yn 'e krêftsport. Yn 2019 is hy al opholden mei de trainingsjûnen troch de wike hinne.. De coronakrisis (2020-2021) twingt him om hielendal de doar foargoed ticht te dwaan en dat wol hy dan ek sa mar litte.

Ek de strongman-trainingen (it omkipen fan bannen, it slepen en tillen fan swiere gewichten en molkbussen) op syn hiem en yn syn greide binne foarby.

Wout: „Ik ha myn nocht der ek wol wat fan. We ha hjir altyd drokte om 'e doar en ik bin de wykeinen gauris op paad.”

It foarútsicht op frije sneonen stiet him wol oan. Wout seit: “Kin ik ris fuort mei de frou.”



foto Niels de Vries 2020

It makket him sentimenteel, mar hy fynt dat it tiid wurdt foar wat nijs.

„Miskien keapje ik in boatsje”, seit er. Hij tinkt ek nei oer in oare sport lyk as rûntsjes draaie op 'e iisbaan yn 't Hearrenfean of

Ljouwert. Reedride leit him wol. Hy hat al twa kear de Alvestêdetocht útriden.

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra

Lykwols, sporten dy't langere tiid oanien duorje, binne eins net syn ding. Hy hat noch neat konkreefts fûn ta ferfanging fan'e krêftsport. Sa fysyk as it wie, kin net mear fanwege syn leeftyd.



foto Romdom Vandaag/ Johan Vogelzang

It lêzen fan boeken, û.o. oer de Highland Games en bibliografyen fan ferneamde sporters jout him nammers hieltyd mear foldwaning .

Dêrby belibbet hy in soad wille oan it lesjaan oan jongeren. Hy wol graach syn ûnderfinings oerbringe oan takomstige topsporters, mar ek oan skoalbern. Sa joech hy b.g. in kursus tiltechnyk oan learlingen fan it Nordwin kolleezje (MBU) yn Snits. Hy hat troch it gaaien fan beamstammen, it lûken fan frachtauto'en skûtsjes, it tillen fan stiennen ballen en gewichtheffen in soad leard oer de technyk hoe't je dat it bêste dwaan kinne. Hy fynt it fan grut belang sa lang as mooglik fit en fitaal te bliuwen en wol as trainer of lesjower syn kennis graach oerbringe op oaren. Wout is noch oan it sykjen yn hokfoar foarm hy dat dwaan kinne soe.

Zijlstra set him al jierrenlang fol oertsjûging yn foar it behâld fan'e Fryske taal en kultuer, hy sil dêr no wis ek fierder mei gean. As foarstanner fan it brûken fan it Frysk, wurket hy regelmjittich mei oan aksjes fan "Sis Tsiis" om de Fryske taal yn it ûnderwiis fuort te sterkjen. Wout fynt it wichtich dat it Frysk sprutsen wurdt, mar ek lêzen en skreaun.

Hysels jout it goede foarbyld troch yn 2018 (Kulturele Haadstêd), tegearre mei soan Wout jr. mei te dwaan oan it Grut Frysk Diktee.



foto Omrop Fryslân, 2018

Dorpscanon van Folsgeare

Wout Zijlstra

It driigjende en ûnwisse fan dizze tiid fan ôfsûndering hawwe Zijlstra djip oan it tinken setten. Oer syn libben, oer de takomst, oer wat eins wier wichtich is. Ik bin oan it opromjen. Al dy mails, al dy foto's... ik ha in moaie tiid hân hear. Mar ik ha ek wol soargen oer de takomst, as it om dit firus giet. Ik hoopje dat it allegear goedkomt." Los fan dy filosofyske bespegelingen is hy der ek oan ta om syn hiem einliks ris op te romjen.,,Ik wol wer in netsjes en leech parkearterrein ha."

Syn wurk as karmaster by de NVWA (Nederlandse Voedsel en Waren Autoriteit) giet gewoan troch. Zijlstra is altyd ûnderweis. "Minsken moatte harren fiskstikje wol ite kinne - ek yn tiden fan korona."

Colofon

Tekst: Wytske Heida

Oersetting: Wytske Heida

Bronnen: Atse de Bruin, Wikipedia, Rondon Vandaag

Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida, Niels de Vries, Wout Zijlstra, Johan Vogelzang, Omrop Fryslân

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.